

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....



Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: dei, gek, mei, ek)

Gedicht

Sikke sil mei heit te silen,
 it is hjoed in moaie
 Swimfest oan en dan de mar op,
 hûntsje Molly giet ek
 Foar de wyn is sile simpel,
 yn 'e wyn op, kin heit
 Tsjin'e jûn pas wer op hûs oan,
 sile, dat is echt te



Farre

Ida, Murk en Jesse sille te farren.
 Ien yn in kano, ien yn in sylboat en
 ien in motorboat.

..... fart yn de kano.

..... fart yn de sylboat.

..... fart yn de motorboat.



IDA



MURK




JESSE




Wol of net driuwe

Wat driuwt wol en wat driuwt net. Skriuw **WOL** of **NET** ûnder de plaatsjes.



.....



.....




.....



.....



.....



.....




.....



.....




.....




.....





Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)

- | | |
|--|-----------------------|
| 1. Dizze haven leit oan see. | <input type="radio"/> |
| 2. Yn de grutte fetten sit oalje | <input type="radio"/> |
| 3. Ik tel sân grutte kisten. | <input type="radio"/> |
| 4. De sleepboat hat de motor út. | <input type="radio"/> |
| 5. Alle minsken yn 'e haven drage in helm. | <input type="radio"/> |
| 6. Ien frachtwein komt út Fryslân. | <input type="radio"/> |
| 7. De fûgels binne seefûgels. | <input type="radio"/> |
| 8. Dizze fûgels briede ek yn de haven. | <input type="radio"/> |
| 9. Elke stêd hat in haven. | <input type="radio"/> |
| 10. Ik ha sels wolris yn in haven west. | <input type="radio"/> |



Driuwe - 4
TROCHSTREEKPUZEL

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.



S	L	E	A	T	K
H	R	B	K	E	A
O	E	O	A	R	N
U	Z	A	N	R	A
T	I	T	O	A	A
S	E	I	L	F	L


- SEIL = grien KANAAL = brún
- HOUT = read FARRE = pears
- IZER = giel KANO = oranje
- SLEAT = blau

Asto it goed dien hast bliuwe der 4 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet? Skriuw it wurd hjir ûnder op.

Farre doch je yn in

Dyn boat

Tekenje dyn eigen boat. Of de boat fan dyn dreamen. Kleurje dyn boat moai op.















SUDOKU



Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.
In sylboat, in ein, in flesse, in bal en in planke.

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

Kinsto de oare plaatsjes tekenje?



tekst: Jelle Bangma

Skip ahoy

Heit dy woe wol boatsjefarre
en hat doe in kruser kocht.
Mar de motor dy hie kueren
heit sei: 'k haw allang myn nocht.

Dus ik boude sels in boatsje
en ik liende mem har dweil,
socht in pallet en wat planken
oan de biezemstok it seil.

Heit dy sei: ik wol ek sile
en hat doe in skûtsje kocht.
Mar yn 't hout wrotten de wjirmen,
dus ús heit hie gau syn nocht.

Mar myn boatsje stuts fan wâl ôf
en it sylde och sa moai
en sa dobb're ik it doarp út,
wylst ik rôp fan: Skip ahoy!

Heit dy rôp: ik sil dy folgje,
en hat doe in tanker kocht.
Mar dy koe net troch de brêge,
ja, ik hie allang myn nocht.

Dêr koe ik dus net op wachtsje,
Nee ús heit, dat waard 'm net.
'k Sylde oer in see fan weagen
'k haw myn eigen koers útset.

